

## Ferslach fan de gearkomst yn Café Wouters op sneon 31 maart 2018.

Berjocht fan behindering ûntfongen fan Wytse Tjoelker. Oanwêzich 23 persoanen.

13:30 oere – Foarsitter Gosse van der Plaats iepenet en begjint mei in tal meidielingen:

- Bestjoerslid Henk Zeinstra is slim siik (de oanwêzigen sette har namme op in kaart foar him).
- We hâlde in moment stilte nei oanlieding fan it ferstjerren fan lid Simon Gerrit Alberda, dy't 85 jier wurden is en hie in 'fabelachtige kennis' fan it keningshûs hie.
- It bestjoer hat in earste oerlis (sjoch taheakke) hân mei Tresoar, foar it behertigjen fan de belangen fan ús leden, mar ek as klankboerd nei Tresoar, en wol hjir yn de takomst graach mei trochgean.
- Ynkommen stik: Utnûging bywenjen ûntbleating monumint Willem van Oranje yn Grutte Tsjerke Ljouwert op tiisdei 17 april 2018. (giet rûn)

### **Oare bestjoerssaken**

-It ferslach fan de gearkomste fan 3 febrewaris wurd goedkard mei ien oanfolling: tredde sin fan ûnderen moat 15.20 oere wêze.

-List fan notulisten for de twadde helte 2018:

- 1) reiske 15 septimber (organisaasje NGV): frou van Wijk (ûnder foarbehâld fan beskikberens)
- 2) gearkomst 3 novimber: Meindert Tangerman
- 3) presintaasje jierboek 1 desimber: Bouwe van der Meulen

-Oanmelding nije frijwilligers foar Famyljement op snein 3 jun yn De Harmonie te Ljouwert

- 1) George Schepperle
- 2) Anne Hielke Lemstra (ûnder foarbehâld)

-It program foar it kommende seizoen 2018/19 wurdt nei de simmer bekendmakke.

Oprop foar suggestjes fan sprekkers of ûnderwerpen foar ús gearkomsten:

- Anne Hielke neamt fideo oer it argyf fan Wijk bij Duurstede (restauraasje nei oerstreaming)
- Binne der oare ideeën? Graach trochjaan oan de siktaris op [jabikvanderbij@gmail.com](mailto:jabikvanderbij@gmail.com)

Jelle de Jong hat him beskikber steld as nij bestjoerslid. Hy wol graach meitinke mar jout wol oan dat hy meastal net op sneon oanwêzich wêze kin. De oanwêzigen binne akkoart en de foarsitter freget oare kandidaten om har te melden as se ek meilhelpe wolle!

Meidieling fan Symen Schoustra: De Nijdamstra Stichting bestiet 70 jier en is ien fan de âldste famyljeferienigingen. Mear ynfo op [www.nijdamstra.nl](http://www.nijdamstra.nl) dêr't in begjin makke is mei it digitaal publisearjen (PDF's) fan de nijsbrieven fanôf 1949, mei nijsgjirrige genealogyske ynformaasje.

Presys om 14:00 sette Kees de Boer en Anne Hielke Lemstra útein mei: 'Wannear is Jan in soan fan Pyt'. Hoe kinne jo bewize dat immen in soan of dochter is fan in bepaald persoan? It measte fan dizze problematyk spilet him fansels ôf foar de ynfiering fan de Burgelijke Stand (dy't lyk as û.o.

notariële akten as bewiis jilde mei).

It giet dus om de fraach hoefolle oanwizingen en hokker argumenten nedich binne om wis te wêzen as der gjin juridysk bewiis foun wurde kin. Soks hat in soad te krijen mei it neisjen fan sa folle mooglik beskikbere boarnen, altyd kritysk bliuwe, trochdolle, ek it omsittend laach yn kaart bringe en alert wêze op feroaringen yn patroanen. De beide sprekkers hawwe dizze problematyk tegearre bestudearre en fertelle om bar it ferhaal.

Fanút de praktyk binne 12 'oanwizingen foar famylje relaasjes' ûntstien. Al dy argumenten wurde taljochte en besprutsen oan de hân fan in grut tal foarbylden (cases). Dizze oanpak jout in soad ynteraksje mei de seal en úteinlik komme we op 13 oanwizingen.

Ferneaming, sosjale laach en fererving fan lânbesit binne sterke argumenten. Praktyske tips: de oanjouwer fan de berte neiplúzje, beskikbere houliksbylagen en aktes fan bekendheid trochnimme.

Nei it skoft wurde noch in pear foarbylden behannele en dan komme de sprekkers mei twa suggesjes, nei oanlieding fan it foargeande. Dizze punten foar de diskusje binne:

1- Yn it Genealogysk Jierboek stean meastal fermeldings nei boarnen en (folle mear as yn it ferline) wurde noaten opnommen. Dat is in goede saak foar kollega-genealogen dy't der fierder mei wolle. Mar de ynformaasje út de holle fan de auteur komt net altyd op papier. It dokumentearjen fan it tinkproses (hokker oanwizings binne fûn en op hokker konkúzjes is de famyljerelaasje boud) mei wol wat mear omtinken krije.

Der komme in soad reaksjes út de seal. Yn it generaal is men der foar de finen, mar der moat wol sjoen wurde nei de kontekst: hoe wichtich is in bepaald detail it yn it ferhaal? Meastal is der folle mear ynformaasje beskiber as wat úteinlik yn in Jierboek-artikel opnommen wurde kin...

2- By de presintaasje fan it Jierboek (yn desimber) komme de measte auteurs koart oan it wurd. De harkers hawwe de artikels útsoarte noch net lêzen. Soe it in idee wêze om in pear moanne letter in gearkomst te hâlden om der djipper op yn te gean, oan de hân fan fragen, oanfollings en diskusje? (Dit is gjin útstel om de presintaasje fan it Jierboek te feroarjen)

Ek dizze suggestje fine de oanwêzigen wol sympatyk. Opmerkings út de seal: it is belangryk dat de auteur der sels ek by is en him/har fantefoaren op dy fragen taryede kin. Faaks wol de auteur sels ek graach mear witte oer in bepaald aspekt fan syn ûndersyk. Ien fan de reaksjes wie om it gewoan in kear te prebearjen, mar it te beheinen ta ien spesifiek artikel (in kertiersteat?) dat him goed liend ta fierder besprek. De redaksje fan it Jierboek soe dat oanjaan kinne nei it bestjoer.

De foarsitter tankt de sprekkers foar it moaie tema, de prima taryeding en de goede presintaasje. Hy wol noch gjin tasizzing dwaan oer de suggesjes foar it Jierboek, omdat it bestjoer ûnderbeset is. As ien fan de leden hjir mei oan de slach wol soe dat moai wêze!

Der komt in fraach oft de presintaasje (as PDF) fan fannemiddei ek op de webside fan de FA kin? Meiïnoar beslúte we om it ta te heakjen oan dit ferslach, tagelyk mei it ferslach fan it bestjoersoerlis mei Tresoar.

De oanwêzigen hawwe fannemiddei in soad heard om fierder oer nei te tinken. Der is neat oerblean foar it omfreegjen útsein de meidieling fan de foarsitter oer de gearkomste fan it NGV op 14 apr 2018 mei twa ynlieders (Bernhard van Haarsma Buma oer wapenboerd fan Easterwierum en Coert van Beijma oer de Sixma grêfkelder yn Huzum.. Krekt foar fjouwer oere slút de foarsitter de gearkomste.

Dit ferslach is makke troch Symen A. Schoustra.